

Preek oer Lukas 7,11-17 (Noardburgum, 30-4-17)

Fotum en groetnis
Ges.133
De tsien wurden
Ges.155
Gebed
L Exodus 22,20-26
Ps.68:2,7
L Lukas 7,1-10
ELb 223:1,3,4
T Lukas 7,11-17
Ps.56:5,6
Tanksizzing en foarbea
Kollekte
ELb 125
Segen

Gemeente fan de Heare Jezus,

Jo sille it allegear wolris meimakke ha. Wylst ûnderweis bist, komst in roustaasje tsjin. Foarop de lykwein en dêrachter in lange rigele folchauto's. Se binne op wei nei it tsjerkhôf. As it in lange staasje is, wurdst faaks wat ûngeduldich. Do wolst aveseanje. Dochs hellest it net yn 'e holle en brekt troch dy staasje hinne. Strafber soe it net wêze, want in roustaasje hat gjin foarrang. Mar it soe al respektleas wêze. Gean de dingen dêr'tsto sa drok mei bist dan altyd foar? Soest ek ris hohâlde kinne as it fertriet fan oaren dy temjitte komt? Soest der ek ris by stil stean kinne datst like stjerlik bist as dejinge dy't op dat momint nei syn lêste rêstplak op dizze ierde brocht wurdt?

Ik haw ek fiif jier dominy yn Den Haag west. Dêr wie it ûnmooglik en ryd yn ien staasje nei it tsjerkhôf. Allinnich al dy stopljochten soargen der al foar dat de staasje útinoar foel. Mar ek as de oare dielnimmers oan it ferkear bêst efkes wachtsje kind hienen, dienen se dat sawat noait. Ik koe dêr min oer. It like krekt oft it hielendal net ien wat skele doe dat der ien ferstoarn wie. Foar my wie it as sei de stêd tsjin de ferstoarne: Sûnder dy giet it libben ek wol troch. Sa sil it net bedoeld wêze. It ferkear soe ek fêstrinne as oan roustaasjes foarrang jûn wurde moast. Doch like it no oft elkenien sa drok wie dat der gjin tiid ferlern gean mocht. Ek net oan besinning op de fergonklikens fan dyn eigen drokke bestean.

By de poarte fan it stedsje Nain krúst it paad fan 'e iene staasje it paad fan 'e oare. Oan it haad fan 'e iene staasje in lykbier. Oan it haad fan 'e oare staasje Jezus. Hy waard op hannen droegen. Net allinnich syn groepke learlingen, mar in hiele kloft minsken folge Him. It sil in fleurich selskip west ha. Allegear minsken dy't de boel derhinne bruit hienen om mar tichteby Him wêze te kinnen. Om wat se

heard en sjoen hienen ferwachten se in soad fan Him. As Hy wier de Messias wie, woenen se derby wêze as Hy syn keninkryk útrôp. Underwilens wienen se al bliid as Er har efkes oanseach, efkes oanspruts. Mar har blide lûd falt stil, as se de staasje sjogge dy't har temjitte komt.

It is gjin stille staasje. Achter de lykbier raast in mem har fertriet út om har soan, har iennichste soan. Noch altiten ropt sa'n ferstjerren ferset by ús op. Wy witte it wol: âlde minsken moatte stjerre en jonge minsken kinne stjerre. Mar as sa'n jongfeint weirekket, ha wy dêr net samar frede mei. In soan moat syn mem te hôf bringe, in mem net har soan. Sa heart it gewoan net. Mar by wa woest dy dêroer bekleie? By God? Woest tsjin Him sizze dat it ûnrjocht is as Er in soan by syn mem weinimt? Mar al soest dat tsjin Him sizze, wurdt it der oars fan? Ja, miskien wurdt it der wol oars fan. Mar oft it der better fan wurdt? As der ferbittering tusken dy en God ûntstiet, bist noch fierder fan hûs. Dan stiest der hielendal allinne foar. Do kinst better neisizze wat de Nederlânske Geloofsbelidenis dy foarseit: "Yn alle dimmenens en earbied oanbidde wy de rjochtfeardige oardielen fan God, dy't foar ús ferburgen binne. Wy binne der tefreden mei, learlingen fan Kristus te wêzen, om allinne mar te learen wat Er ús yn syn Wurd ûnderwiist, sûnder bûten dy grinzen te gear".

Mar wat ûnderwiist Kristus ús dan yn dit wurd, Lukas 7 fers 11 oant 17? Wat stiet dêr? "Doe gong Er nei de lykbier ta en rekke dy oan. De dragers bleauwen stean. Hy sei: Jongfeint, Ik sis dy, kom oerein!" Alle ûnderdielen fan dit fers binne bjusterbaarlik. "Doe gong er nei de lykbier ta". Je lêze der samar oerhinne. Mar tink it dy ris yn. Der komt dy in roustaasje temjitte. Sels setst dyn auto yn 'e berm. Mar dan sjochst dat der len is dy't net it respekt opbringe kin en bliuw oan 'e kant stean. Nee, Hy giet op de lykwein ta en hâldt him oan. Net Hy moat stilstean by de dea, de dea moat stilstean by Him. Wa tinkt Er wol dat er is? Mar minsken dy't no noch liik binne, sille aansten God priizje en sizze: "God hat goedgeunstich delsjoen op syn folk". En sa is it ek. De God, waans rjochtfeardige oardielen foar ús ferburgen binne, komt yn Jezus yn 'e iepenbierheid. En Hy seit planút wat wy tinke: In widdo dy't har iennichste soan te hôf bringe moat, dat is in grut ûnrjocht.

Dat God der sa oer tinkt, hienen wy oars al witte kind. We liezen ommers yn Exodus 22: "Gjin inkelde widdo of wees meie jim te nei komme. Mochtsto dy al te nei komme en hja roppe it út ta My, dan sil Ik har roppen grif ferhearre. Dan sil myn grime oplôgje en Ik sil jim deadzje mei it swurd, dat jimme froulju widdowen en jimme bern wezen wurde".

As je dy wurden hearre, klinke se frijwat grimmich. Mar je kinne der al fuortendaliks yn hearre dat de need fan widdowen en wezen God oan it hert giet. Sy hawwe net ien mear. Gjin man dy't noed foar dy stiet, gjin heit of mem dy't foar dy soarget. Mat God bekommeret Him om harren. Spesjaal foar har docht Er syn namme eare oan: Ik sil der wêze. Yn Psalm 68 stiet sels: "Heare is syn namme, jubelje

foar Him. In heit is Er foar de wezen, de widdowen helpt Er oan har rjocht" (Ps.68,5.6). Mar hoe docht Er dat dan: as in Heit wêze foar wezen en as in man wêze foar widdowen? Hy foarsjocht net sels yn it libbensûnderhâld fan widdowen en wezen. Want yn syn wet hat Er foarskreaun dat de Israeliten yn it tredde jier in tsiende part fan 'e risping oan 'e kant lizze moasten foar de Heare (Deut.14,28.29; 26,12.13). Dat part wie net allinnich foar de Levieten, mar ek foar de widdowen en de wezen. Sis net dat dat allinnich yn it Alde Testamint sa wie. Want Jakobus skriuwt yn syn brief: "Suvere godstsjinst sûnder wryt of slyt yn it each fan ús God en Heit is: wezen en widdowen yn har swierrichheden opsykje" (Jak.1,27). Sa is it dus noch altiten. De Heare tsjinje betsjut yn 'e praktyk: soargje foar widdowen en wezen. Mar as minsken de Heare net mear tsjinje, dat sille de widdowen en de wezen dêr as earste it slachtoffer fan wurde. Dat makket God wol sa liik. "As dat gebeurt, kom Ik sels", seit Er yn Exodus 22.

Tsjin dy achtergrûn krijt it wûnder dat Jezus docht yn Naïn in bysûndere betsjutting. Wis, Jezus jout it libben werom oan in jongfeint. Dochs giet it dêr net om. Want Jezus jout hjir in soan werom oan syn mem. Want wat stiet der as Jezus tsjin dy jongfeint seit: "Ik sis dy, kom oerein!"? "De deade gong oerein sitten en begûn te praten. *En Jezus joech him oan syn mem werom*". Dat is net samar in wûnder. Dat is in diakonaal wûnder.

Wannear't wy sizze: It heart net sa dat in mem har iennichste soan fuortbringe moat, dan is is Jezus it dêr folslein mei iens. Hy wurdt djip yn it moed taast as Er sjocht hoe't sy skriemend achter de lykbier oan rint. Dat sy earst har man en no har iennichste soan te hôf bringe moat, ek foar Him is it in griis. Want dy God dy't en heit is foar wezen en widdowen oan har rjocht helpt, dat is Hy. Derom hawwe de minsken ek skoen gelyk as se sizze: "Gód hat goedgeunstich delsjoen op syn folk". Se werkenne Him, as Er in soan werom jout oan syn mem. Dat is God! Sa is God!

En dochs kin ik noch net sa bliid wurde as de dy't minsken dy't tsjûge wienen fan it wûnder dat Jezus die. Se ha gelyk at se sizze: "God sêls hat nei syn folk omsjoen". Mar ha se ek gelyk as se sizze dat God nei syn fólk omsjoen hat? Hy hat dochs allinnich nei dy iene widdo omsjoen, dochs net nei alle widdowen, en al hielendal net nei alle minsken? Wat moast mei dit ferhaal, ast sels in bern fuortbringe moast en Jezus it net tsjinholde? Watfoar treast sit der yn dit ferhaal ast hielendal gjin bern hast om fuort te bringen; ast dy somtiden ôffregest wa't nei dy omsjen sil ast âld bist en net mear foar dysels soargje kinst?

By de tariedings foar dizze preek lies ik in útlis dêr't dizze wurden yn stienen: "De begraffenis wurdt ôfsein: hjoed bliuwt der in grêf leech yn Naïn". Ik sette in útropteken yn 'e marzje: moai! Mar no't ik der wat langer oer neitink: Smyt dit wûnder no wier wol seadden oan 'e dyk? Want dat grêf yn Naïn is

net leech bleaun. Nei alle gedachten is de mem der letter yn begroeven en hat de soan in grêf njonken har krigen doe't er sels stoar yn goede âlderdom, âld en foldien. Sa heart it, seinen wy krekt. Mar miene wy dat ek? Heart it wier sa?

En dochts sette dy opmerking oer dat lege grêf yn Naïn my op in spoar. Want al is it grêf dêr't dy jongfeint út Naïn yn begroeven wurde soe net leech bleaun, der is wol in grêf dat foar altiten leech bleaun is: it grêf dêr't Jezus sels yn begroeven is.

It is in grut wûnder dat dy jongfeint út Naïn net begroeven hoegde te wurden. Mar it is in grutter wûnder dat dy jongfeint út Nazaret ál begroeven wurde moast. Want Hy wie dochs net allinne like stjerlik as wy, mar ek like ûnstjerlik as God? Yn Jezus is Gods sels dochs nei de ierde kaam? "God hat goedgeunstich op ús delsjoen", seinen de minsken út Naïn en omkrite. Mar dy belidenis hâldt noch folle mear yn as sy tinke koenen. Wa hie tinke kind dat God ús dea yngean soe mei it doel dat wy syn libben yngean soenen? Ja, God helpt as net ien dy noch helpe kin. Hy giet mei dy as net ien mear mei dy gean kin.

Op de Peaskemoarn docht bliken dat it grêf dêr't Jezus yn lein wie leech is. Mar it is op in gâns oare wize leech as dat grêf yn Naïn. Want dy jongfeint út Naïn is opwekke om wer te stjerren, mar Jezus van Nazaret is opstien om noait wer te stjerren.

Gjin macht dy't Him noch hâlde koe,
doe't Hy it grêf ferlitte woe.
Ferriisd op eigen krêft, is Hy,
God sels, *de dea foargoed foarby* (Ges.95:2)

Ek al moast dat doe allegear noch gebeure, de evangelist Lukas wiist der dochs al nei foarút, as Er skriuwt dat *de Hear* dy widdo seach en tige mei har te dwaan krige. De Hear, dat is de ferriisde Hear. Hy dy't as iennichste sizze kin: "Ik haw dea wést en sjoch, Ik libje yn alle ivichheid en Ik haw de kaaien fan 'e dea en fan it deaderyk (Iepb.1,18). Dy Hear is dy't seit: "Jongfeint, Ik sis dy, kom oerein!".

Mar dat seit er likegoed tsjin jo en tsjin dy. Yn it evangeelje fan Johannes wurdt dat noch sterker beklamme as yn it evangeelje fan Lukas. Want by Johannes seit Jezus: "Wiswier, wiswier, Ik sis jimme, dy't myn wurd heart en leaut yn Him dy't My stjoerd hat, hat ivich libben; hy hoecht net oardiele te wurden; nee, *hy is al oergien fan 'e dea nei it libben*. Wiswier, wiswier, Ik sis jimme dat de tiid komt, *ja dy is der no al*, dat de deaden it lûd fan 'e Soan fan God hearre sille en op it hearren fan dat lûd sille se ta libben komme" (Joh.5,24.25).

De tiid dat de deaden it lûd fan 'e Soan fan God hearre, dy tiid is no al. Net pas as Jezus weromkomt, mar no al. No al seit Er tsjin jo en tsjin dy: "Ik sis dy: kom oerein!" Dat liket nuver. Want do

bist dochts hielendal noch net dea? Boppedat, de grêven fan har dy't yn Jezus leauwe reitsje likegoed fol as de grêven fan har dy't net yn Jezus leauwe. Mar ek al giet it dwers tsjin dyn ûnderfining yn, harkje nei dy nuvere stim: "Oerein do, opstean!" It is lûd fan de Soan fan God, it is it lûd fan Him dy't ek nei dy omsjoen hat. Harkje en libje!

Dochs meie wy net ferjitte dat de opwekking fan dy jongfeint út Nain in diakonaal wûnder wie. It formulier foar de befêstiging fan diakens seit: "De Hear ropt no ek op ta it betoanen fan gastfrijens, offerfeardigens en barmhertigens om swakken en dy't help nedich hawwe folop diele te litten yn de blydskip fan Gods folk. Yn de gemeente fan Kristus mei nimmen sûnder treast libje yn sikens, iensumens of earmoed". Dan hat de tsjerke him net altiten fan syn bêste kant sjen litten.

In omke fan my is grut wurden yn in hûshâlding dêr't de heit en mem al fan ferstoarn wienen. Mar as de diaken by har kaam, seach er earst yn 'e sûkerpot. Want salang't dy bern noch sûker keapje koenen, hoegde de tsjerke gjin stipe te jaan. Mar ik haw sels meimakke dat de diakony ien wol helpe woe, mar dan moest er al wat faker yn tsjerke komme. Dêr werken ik Jezus allikemin yn, dy't djip yn it moed taast wurde om't Er allinnich each hie foar de ellinde fan dy widdo.

Wy kinne Jezus net neifolge as Er deaden opwekket. Mear wy kinne Jezus wol neifolge as Er each hat foar minsken dy't net ien mear hawwe. Noch altiten is dat suvere godstsjinst: omsjen nei elkoar, sa't God yn Jezus nei ús omsjoen hat. Want

Wy binne_ûnderweis as pylgers,
hâlde_elkoar yn leafde fêst.
Neist elkoar as broers en susters
drage wy elkoarrens lêst.

Laitsje sil ik asto lakest,
skrieme om dyn drôfenis.
Nocht en soarch sil 'k mei dy diele
oant ús reis foltôge is (Opw.378:2,4).

Amen.